

# Moetings- en Ynspiraasjemiddei

**Sneon 16 novimber 2019**

Yn it Multifunksjonele Sintrum "de Kiekmure",

Tesselschadelaan 1 yn Hurderwyk. Ynrin fan ôf 12.30 oere

**De ynhâld:**

**'Op nei 2023 – en dêrnei: de 100 jier foarby !'**

*Klaas Sietse Spoelstra wol mei ús mei-tinke oer hoe't wy as FBoU nije oanwaaks fine kinne – entûsjast meitsje/wurde fan lju, dy't fryske woartels en noch altyd in frysk hert hawwe. Spoelstra hat tasein dizze middei syn meiwurking te jaan ûnder de betingst dat de dielnimmers elk in net-lid meinimme!!*



**Oprop: elk dy't nei de M- en Y-middei komt, nimt sa'n Fries om Utens, dy't noch gjin lid is fan in krite mei nei dizze middei – leafst jonger as 50 jier! – mear sokke Friezen om Utens binne fansels tige wolkom!**

**'LF2018 en fierder...'**

*Lieuwe Krol, haad Marketing en Kommúnikaasje foar LF2018 en kertiermakker foar de Legacy LF2028 sil in ynlieding hâlde oer Lf 2018 / 2028.*

*Wat wiene de plannen eartiids, hoe binne de plannen útpakt, wat is der fan leard en wat giet de takomst bringen (2028) op it mêd fan de kultuer, kosten, planning en opbringst.*



Om 17.00 oere slúte wy ôf.

De jûns binne jimme fan ôf 19.00 oere wolkom by de krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk - ek yn de Kiekmure. It toanielselskip "Fleurich fierder" fan Jobbegea bringt it stik 'It deiboek fan Tinus Teckel'

**BOUNSLIEDEN / KRITELIEDEN, GRAACH *OPJEFTE FOAR 26 OKTOBER***

**BY [KEES VD BEEK](#) AS JIMME HJIR NEI TA WOLLE!!**